

Minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes
Mefrou drs. K.H. Ollongren
Postbus 20011
2500 EA DE HAACH

Ljouwert, 30 november 2017

Giet oer: Beântwurdzjen VSO Tuskenevaluaasje Fryske taal en kultuer
(TK 34550 VII 35)

Achte minister Ollongren,

Op 28 augustus 2017 hat jo foargonger oan de foarsitter fan de Twadde Keamer fan de Steaten-Generaal antwurden oanbean op fragen fan de fêste Keamerkommisje foar Ynlânske Saken oer de tuskentiidse evaluaasje bestjoersôfspraken Fryske taal en kultuer; soks nei oanlieding fan de brief fan 2 desimber 2016.

Wy tankje jo foar it beântwurdzjen fan de fragen fan de Twadde Keamer fan de Steaten-Generaal en binne der wiis mei dat jo jo lykfine mei ús konstataarring dat suksesfol Frysk taalbelied mear nedich hat as wetlike boarging en belied om it gebrûk fan it Frysk te stimulearjen. Dat slút oan by ús advys om in 'Taalskipper' oan te stellen: in rol, in funksje, in ynstitúsje dy't de ferantwurdlike bestjoersorganen wize kin op ôfspraken dy't al makke binne of op stagnaasje yn de útfiering dêrfan.

DINGtiid hat by ferskate gelegenheden oanjûn dat stjoering op it Fryske dossier ûntbrekt, bygelyks yn it advys "Feroaring en ferbettering" fan 2015 (dêr't it konsept fan de Taalskipper yn yntrodusearre waard) en yn it ûnderwiisrapport "Meartaligens as kwaliteit en doel" fan 2017. De Taalskipper hat by de stjoering in wichtige rol, mar de rol fan it ministearje is dêrby noch altiten dy fan einferantwurdlike, dy't opdracht ta de úteinlike stjoering jaan moat.

By jo beântwurdiging misten wy guon saken, dy't wy lâns dizze wei ûnder jo oandacht bringe wolle.

Yn jo brief wize jo de provinsje Fryslân oan as de earst oanwiisde bestjoerslaach foar de boarging fan de status fan de Fryske taal en kultuer. Terjochte, mar tagelyk rikt it foech fan de provinsje net fier genôch om partijen te hâlden oan it neikommen fan ferplichtings dy't folgje út de Taalwet. Sa't jo mei rjocht en reden konstataarje, is it op basis fan artikel 2a fan de Wet gebrûk Fryske taal (2014) in mande-ferantwurdlikheid fan de provinsje én it Ryk om de soarchplicht ta útfier te bringen. Wy ferwachtsje fan jo dan ek in aktive opsteling om ministearjes, autoriteiten, kolleezjes en amtners dy't soks oanbelanget, oan de sekuere útfiering te hâlden. Sa ha noch net alle gemeenten yn Fryslân taalbelied fêststeld, lykas yn de Wet gebrûk Fryske taal

POSTADRES

/ BHP Flex - Blokhúspoarte
\ Blokhúsplein 40
/ 8911 LJ Ljouwert

/ ynfo@dingtiid.nl
\ www.dingtiid.nl
/ @dingtiid

foarskreaun stiet. De provinsje kin oanfiterje, mar it foech om soks werklik realisearje te litten leit yn hannen fan it ministearje fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes.

De rol fan Taalskipper is op jo ynstigaasje by de provinsje Fryslân ûnderbrocht. Wy wize der fannijs op dat ús advys net allinne rjochte is op it regisseurjen, koördinearjen en stypjen fan oare bestjoersorganen by de ymplemintaasje fan de Taalwet, mar dat it advys mei klam ek giet oer it oansprekken fan de bestjoerslagen dy't ferantwurdlik binne foar de útfiering fan de Wet gebrûk Fryske taal. Yn de notiidske konstellaasje soe in situaasje ûntstean kinne wêrby't de bestjoerslaach himsels oansprekke moat op it net neikommen fan ferplichtings by de útfiering fan de wet. Wy wachtsje mei spanning op it útstel fan de provinsje Fryslân hoe't hja dy taak út tinkt te fieren, eardat wy jo fan in advys foarsjen sille.

Op it heden lit DINGtiid in ûndersyk útfiere nei de rapporten en advizen fan de Ried fan Europa. Op basis fan it Europeesk Hânfêst foar regionale en minderheidstalen binne yntusken fiif advizen útbrocht, dêr't dêrnei in reaksje fan de ferantwurdlik minister op jûn wurdt. Fragen dy't by it ûndersyk op it aljemint komme, binne: foldocht Nederlân oan de ôfspraken út it Hânfêst? De advizen lykje oerien te kommen, mar is dat ek wier it gefal? En sa ja, hoe kin dat en wat is nedich om fuortgong te boeken? Wat wurdt op it stuit mei de advizen dien? Wat is nedich om de advizen neifolgje te litten?

In oar aspekt dêr't wy omtinken foar freegje, is de posysje en rol fan it Frysk yn de rjochtspraak. By it beäntwurdzjen fan de fragen oer it gebrûk fan de Fryske taal yn de rjochtspraak wurdt in relatyf posityf byld sketst: meiwurkers fan de rjochtbank soenen somtiden deistich te krijen ha mei it gebrûk fan de Fryske taal. Yn 5 oant 10 prosint fan de saken soe Frysk sprutsen wurde yn de rjochtseal, wat neffens ferhâlding heech wêze soe. DINGtiid soe graach tagong krije ta de ûndersiken en sifers dy't dêr oan de grûnslach fan lizze.

Dat it gebrûk fan de Fryske taal yn de rjochtspraak fan grutte wearde is – benammen ek mei it each op de kwaliteit fan de rjochtspraak – ûnderskriuwt DINGtiid folslein. Dat de Rjochtspraak him dêr bewust fan is en dat belang dêrom ek aktyf útdraacht, is tige posityf. DINGtiid soe graach fernimme wolle op hokker wize oft dat belang aktyf konkretisearre wurdt.

Yn it regearakkoart "Betrouwen yn de takomst" is de rol fan de regio in wichtich weromkearend elemint. It Frysk sil dêrby foar de aktiviteiten yn Fryslân in natuerlik elemint wêze. De wize wêrop't de Fryske taal yn relaasje ta Fryslân yn de ynlieding fan de brief fan 2 desimber beskreaun wurdt, docht neffens DINGtiid lykwols wier net rjocht oan de notiidske situaasje en belibbing fan it Frysk. Yn de beäntwurdiging wurdt de Fryske taal en de Fryske identiteit op in folkloristyske wize beskreaun. Amper liket ûnderkend te wurden dat de Fryske taal en de ynwenners fan Fryslân mei harren tiid meigien binne en dat de wearde fan de Fryske taal yn ús hjoeddeistige, moderne maatskippij as libben en krekt net as in museumstik belibbe wurdt. Fan in folkloristyske rjochtfeardiging fan it Frysk wol DINGtiid him mei klam distansjearje. De mooglikheden dy't de Wet gebrûk Fryske taal biedt, soenen mei in iepen blik nei de takomst benut wurde moatte. Wy binne tige benijd hoe't jo fanút jo ferantwurdlikheid yn dat ljocht by útstellen fan it Ryk de posysje fan it Frysk pro-aktyf ferwurdzje sille.

Wy hoopje jo hjirmei fan oanfoljende ynformaasje foarsjoen te hawwen en stelle it op priis om meikoarten persoanlik mei jo yn 'e kunde te kommen.

Yn ôfwachtsjen fan jo reaksje,
Mei freonlike groetnis,



Klaas Sietse Spoelstra
Foarsitter DINGtiid, Orgaan foar de Fryske taal

Ofskrift:

- foarsitter fan de Twadde Keamer fan de Steaten-Generaal
- mefrou S. Poepjes, deputearre fan de Provinsje Fryslân